



Miljeuadvystsjinst Jierferslach 2010





Milieuadvystsjinst Regio Noard-Fryslân

De Milieuadvystsjinst is in profesjoneel tsjinstferlienend gearwurkingsferbân fan fyftjin Fryske gemeenten, dat gemeentlike en (semy-)oerheden advisearret en motivearret om yn gearwurkjen de kwaliteit fan de leef-omjouwing te behâlden en te ferbetterjen.

© Juny 2011
Milieuadvystsjinst yn Ljouwert

Tekstbewurking
Milieu-advystsjinst
Wya Schoteldraaijer & Ypie Boersma

Fryske oersetting
Afûk

Fotografy
Milieuadvystsjinst
Diewuke de Vries & Ypie Boersma



Foarmjouwing
Akasha Meeting Solutions
Juliette Reniers

Print
Drukkerij de Marne is sertifisearre mei it simZ miljeusertifikaat

Dit jierferslach is printe op in FSC goedkarde papiersoarte. It ta stân kommen fan de Fryske ferzje is mei mooglik makke troch subsydzje fan de Provinsje Fryslân.



Besikersadres

Snekertrekweg 37
Ljouwert

Postadres

Postbus 1017
8900 CA Ljouwert

Till. (058) 2339050
Faks. (058) 2339051

Website www.milieuadviesdienst.nl
E-mail algemeen@milieuadviesdienst.nl

Ynhâldsopjefte

Foaropwurd	4
Weromsjen op ûntjouwings 2010	5
De organisaasje en de minsken	7
De organisaasje	7
It bestjoer	7
De klanten	10
It personeel	10
De CO ₂ -footprint fan de Miljeuadvystsjinst	10
Utfierde wurksumheden yn 2010	12
It jaan fan fergunnings	12
Tafersjoch en hanthavenjen	13
Lûd	14
Ljocht	14
Eksterne feiligens	14
Duorsumens	15
Boaiem	17
Besluit Woninggebonden Subsidies	18
Juridyske stipe	18
Kursussen	18
Detasjearring	18
Yn petear mei wethâlder Louis Wiersema	19
Finansjeel resultaat	20
Ta einbeslút, in petear mei Jornt Ozenga	21





Foaropwurd

Yn 2010 stiene de ûntjouwings oangeande ûnder oaren de mooglike komst fan regionale útfieringstsjinsten (RUD's) en de ymplemintasje fan de Wet algemene bepalingen milieubeheer (Wabo) net stil. Mei it each dêrop en op ûntjouwings oangeande moog-

like gemeentlike weryndielings, mooglike gemeentlike besunigings ensafuorthinne, is fan 'e Miljeuadvytsjinst út yn 2010 hurd wurke oan it opsetten fan in nij bedriuwplan.

Yn 'e mande mei de meiwurkers en bestjoerders fan ús 15 regiogemeenten is sa de koers foar de kommende jierren fêstlein.

Posityf is ek dat yn it ôfrûne jier de Miljeuadvytsjinst, nei twa jierren minder goed draaid te hawwen, wer yn de swarte sifers kommen is. Wy ha it jier 2010 mei in posityf resultaat fan € 49.327,- ôfslute kinnen.

Yn it jierferslach 2010 kinne jo ûnder oaren dêroer mear lêze. Ek dit jier is it ferslach, mei tank oan subsydze fan de Provinsje Fryslân, ek yn it Frysk te lêzen.

Jornt Ozenga

Direkteur Miljeuadvytsjinst

Weromsjen op ûntjouwings 2010

Bedriuwspan

De wrâld is de ôfrûne tiid op it mêd fan it jaan fan fer-gunnings en it hanthavenjen bot feroare. Ek ûntjou-wings oangeande de komst fan regionale útfierings-tsjinsten, de kwaliteitskritearia, de besunigings en gemeentlike weryndielings makken it foar de Miljeu-advystsjinst needsaaklik om de strategy foar de kom-mende jierren op 'e nij te bepalen. Yn it earste healjier fan 2010 is op basis fan ynput fan de meiwurkers en bestjoerders fan de tsjinst in nij bedriuwspan op-steld. Yn juny is it bedriuwspan foar de perioade 2011 – 2015 troch it Algemien Bestjoer goedkard. Yn de twadde helte fan 2010 binne de doelstellings kon-kretisearre en fêstlein yn aktiviteiteplannen.



Bedriuwspanbyenkomst meiwurkers yn in tsjerkje yn Boksum

Yn petear mei Tonny Brontsema,
foarsitter UR Miljeuadvystsjinst

Hokfoar kant wol de Miljeuadvystsjinst de kommen-de jierren op? En hoe stiet de ûndernimmingsried (UR) dêr foaroer?

“Wy wolle as tsjinst ynspylje kinne op de Wabo-ûntjou-wings en wy wolle der foar ús gemeenten wêze. Om dat doel te realisearjen fregest wat fan dyn meiwur-kers. Om profesjoneel, klantrjochte en flek-sibel te wêzen moastst dyn personiel yn de posysje bringe dat it dy rol sa goed mooglik ferfolje kin. Njonken ynvestearings yn de organisaasje en ús relaasjes, is it fan belang om ek te ynvestearjen yn ús minsken. De OR sjocht de ferbreiding fan it takepakket fan de tsjinst, sa't dy útsteld is, wol sitten. Sterker noch, wy tinke dat it needsaaklik is om op termyn as tsjinst mearwearde te hawwen foar ús oandielhâlders, ús klanten, de gemeenten.”



De UR hat nau belutsen west by it proses, wat hat jim bydrage by it ta stân kommen fan it bedriuw-span west?

“Wy ha op guon punten de slypstien west dêr't de ûnderdielen op skerpe binne. Wy sjogge ús bydragen benammen werom by de ûnderdielen dy't it personiel oangeane. Foar de UR is it personiel fan de Miljeu-advystsjinst wichtich. Meiwurkers moatte de kâns krije om de rol dy't fan it bedriuwspan út fan harren frege wurdt, ferfolje te kinnen. Wy binne der dan ek wiis mei dat wy dat weromsjogge yn it aktiviteiteplan. Yn 2011 sille wy dêrmei oan 'e gong. Wy sjogge de ûntjou-wings mei betrouwen yn 'e mjitte!”

Húsfesting

It gebou fan de Miljeuadvystsjinst oan de Snitser-trekwei is yn 2010 oan 'e binnenkant opknapt. Ear-dere ferhúsplannen waarden net trochset, sadat it fan belang wie om it hjoeddeiske gebou effisjinter yn te dielen en represintativer te meitsjen. In ynterne húsfestingskommisje hat dêr yn 2010 hurd mei oan 'e slach west. It tsjintwurdige hierkontrakt foar it pân is ferlinge oant 1 maart 2014.

Wabo & Bou

Yn 2009 karde it bestjoer fan de Miljeuadvystsjinst it útstel goed om in kluster Bousaken op te setten. Mei it each op it yngean fan de Wet algemene bepalin-gen milieubeheer (Wabo) woe de Miljeuadvystsjinst har tsjinstferliening fergrutsje. Doe is ôfpraat dat de tsjinst foar it ferfoljen fan taken op it mêd fan bou- en wenningtafersjoch (en oare Wabo-taken) wurket op basis fan detasjearring.



Yn 2010 ha twa regiogemeenten in skoftlang ge-brûk makke fan dy tûke fan sport, dy't nij is foar ús. Doe't de Wabo

ôfrûne oktober fan krêft wurden is, hat de Miljeu-advystsjinst in tsjinstferlieningsoerienkomst sletten mei de Provin-sje Fryslân. Dêrmei is fêstlein dat wy foar de provin-sje (net-miljeu-)Wabo-taken yn in tolf-tal Fryske gemeenten fersoargje.

Ofskied âld-direkteur

Yn 2008 binne wy by de tsjinst tige kjel wurden fan it feit dat ús âld-direkteur troffen waard troch in slim-me sykte. It waard dêrtroch foar him hieltiten dre-ger om him fierder yn te setten foar de Miljeuadvys-tsjinst. Yn 2010 hat Cor Woudenberg, dy't sûnt 1991 aktyf west hat foar de tsjinst, offisjeel ôfskied naam as direkteur.



Freek Buijelaar, MT-lid en belutsen by de húsfestingskommisje:

“By it opknappen fan it gebou wiene der twa útgongspunten. Y it foarste plak moast it gebou yntern in sûner en nofliker wurkplak wurde. As twadde moast

de beskikbere romte optimaal brûkt wurde. Dat is slagge troch it gebou mei in kleurke op te fleurjen en ferskate keamers op 'e nij yn te dielen. Yntusken is de ferbouwing binnen it beskikbere budzjet suksesfol dien makke.”

De organisaasje en de minsken

De organisaasje

De Miljeuadvystsjinst is in profesjoneel tsjinstferliend en útfierend gearwurkingsferbân fan 15 Fryske gemeenten, dat út Ljouwert wei oerheden advisearret en motivearret om mei-inoar de kwaliteit fan de leefomjouwing te behâlden en te ferbetterjen.



It bestjoer

It Algemiens Bestjoer fan de Miljeuadvystsjinst bestiet út de portefúlgehâlders miljeu fan de 15 regio-gemeenten.

Op 3 maart 2010 fûnen de gemeentlike ferkiezings plak. Yn 2010 bestie it Algemiens Bestjoer dêrom ôfwikseljend út de neikommende bestjoersleden:

De hear N.J. Oud, It Amelân
Mefrou N. Haarsma-Vrieswijk, It Bilt
Mefrou M.A.J. Jager-Wöltgens, Boarnsterhim
Mefrou S.M. Hylkema &
De hear R. Bos, Dantumadiel
De hear R.J. Boersma &
De hear A. van der Ploeg, Dongeradiel
De hear H. Talsma, Ferwerderadiel
De hear Th. Twerda &
Mefrou D. Osinga-Bonnema, Frjentsjerteradiel
De hear F. Zomers &
De hear J.A. de Boer, Harns
De hear H. Visser, Kollumerlân c.a.
Mefrou L.I. Diks, Ljouwert
Mefrou F. Haites &
De hear J.S. Keizer, Ljouwerteradiel
Mefrou I.M. Verdoner &
De hear L. Pen, Menameradiel
De hear L.J. Wiersema, Skiermûntseach
De hear I.J. van Zwol &
De hear T.D. de Jong, Skylge
De hear T. van Mourik, Flylân

It Deistich Bestjoer wurdt troch it Algemiens Bestjoer beneamd. Yn 2010 namen mefrou Osinga-Bonnema (Frjentsjerteradiel) en de hear Visser (Kollumerlân c.a.) de plakken yn fan de hear Boersma (Dongeradiel) en de hear Twerda (Frjentsjerteradiel). Mefrou Van Delft (boargemaster Menameradiel) droech, nei goed fiif jier aktyf west te hawwen as foarsitter, yn juny 2010 de foarsittershammer oer oan mefrou Waanders (boargemaster Dongeradiel).

Boargemaster Marga Waanders (foarsitter bestjoer Miljeuadvystsjinst & boargemeester Dongeradiel)

Hoe ha jo it earste healjier foarsitten fan de Miljeuadvystsjinst ûnderfûn?

“Yn de tiid dat ik wethâlder Ekonomyske Saken wie foar de gemeente Ljouwert ha ik my in moai tal jierren dwaande holden mei it tema duorsumens. Troch de ûnderfining dy't ik dêrnjonken mei de portefúlje Romtlike Oardering opdien ha, sit ik al genôch yn de hiele regeljouwing om goed oan 'e gong te kinnen as foarsitter fan de Miljeuadvystsjinst. Oant no ta fûn ik it foarsitten fan it Deistich en Algemien Bestjoer fan de Miljeuadvystsjinst dan ek noflik wurk. Ik bin ek ûnder de yndruk fan de kwaliteit dy't de organisaasje leveret, de noflike gearwurking fan bestjoerders en de positive wize dêr't it management de organisaasje op oanstjoert.”

Wat ha yn 2010 wichtige ûntjouwings west foar de Miljeuadvystsjinst?

“It ta stân kommen fan it bedriuwplan hat yn it jier 2010 tige wichtich west foar de tsjinst. It is fan belang om troch te gean mei ynvestearjen yn minsken, yn 'e kultuer fan de organisaasje, mar ek yn de nedige ynstruminten, lykas de ICT. Der komt aanst in stuit dat it wurk fan de Miljeuadvystsjinst in oar plak krijt. Hoe't it fierder giet, witte wy net, mar yn alle opsichten is it goed as de Miljeuadvystsjinst in goed rinnende, sterke organisaasje is. Dan is men yn de diskusje oer de Regionale utfieringstsjinsten (RUD) in oantreklike partner.”

Wat moat der neffens jo barre wat de komst fan útfieringsorganisaasjes oangiet?

“Persoanlik tink ik dat der, lykas de minister earder ek al oanjoech, ien útfieringsorganisaasje yn Fryslân komme moat. It soe goed wêze dat wy ophâlde mei de einleaze diskusjes oer wa't wat mei wa organisearje sil. As wy de saken no sels net goed regelje, sil it Ryk om-mers yngripe. In organisaasje as in RUD is net mear as in middel om úteinlik it wurk fan it jaan fan fergunnings en it hanthavenjen kwalitatyf fer-betterje te kinnen.”

Wat is foar jo dêrby it mooglik plak fan de Miljeuadvystsjinst?

“Foar my persoanlik is de Miljeuadvystsjinst dêrby in sterke partij. De ynvestearings dy't dien wurde, sille dat allinne mar fersterkje, wêrtroch't wy in goede partner wêze kinne as de RUD komt. Foar de fyftjin regiogemeenten dy't oan de tsjinst dielnimme, is der ek in mienskiplik belang om minsken dy't it wurk no dogge, en de taken dy't no útfierd wurde, in sa knap mooglik plak te jaan. It klinkt ûnearbiedich, mar nimmen hat wat oan in rest-MAT. Bestjoerders ha dêrby in ferantwurdlikheid foar de minsken oer dy't wurkje by de Miljeuadvystsjinst. Ek finansjeel sjoen is it foar elkenien it bêste as links- of rjochtsom de RUD-oergong sa soepel mooglik ferrint. It is net oangenaam om jin foar te stellen dat der in rest-MAT is dy't trochgiet as lytse, selsstannige organisaasje. Soks soe relatyf djoer



wêze. It ûnderstreket it belang om as Algemien Bestjoer fan de Miljeuadvystsjinst, as fyftjin dielnimmen- de gemeenten yn in mienskiplike regeling, mei-inoar in sa goed mooglike oplossing te finen.”



Mefrou Marga Waanders krijt de foarsittershammer oerdroegen fan mefrou Gerrie van Delft-Jaasma.

**Boargemester Gerrie van Delft-Jaasma
(âld-foarsitter Miljeuadvystsjinst &
boargemaster Menameradiel)**

Sûnt 1999 wiene jo al lid fan it Deistich Bestjoer fan de tsjinst. Fan 2005 ôf ha jo foarsitter fan de Miljeuadvystsjinst west. As earste frou namen jo it foarsittersstokje oer fan Ype Dijkstra (boargemaster gemeente Boarnsterhim). Hoe ha jo de Miljeuadvystsjinst yn dy jierren feroarjen sjoen?

“De tsjinst wie yn earste ynstânsje in ûnderdiel fan it gewest Noard. Doe’t dat opheft waard, is de tsjinst selsstannich fierder gien. Yn al dy jierren ha ik de tsjinst feroarjen sjoen fan in ‘amtlike’ ôfdieling nei in mear bedriuwsmjittige organisaasje. Sa wachte de Miljeuadvystsjinst foarhinne folle mear ôf. De gemeenten kamen wol of net nei de tsjinst. No binne de meiwurkers fan 'e tsjinst folle aktiver yn it ynheljen fan wurk en it bieden fan service en stipe.”

Hoe hat it wurk as foarsitter jo yn dy jierren foldien?

“Benammen fanwegen de positive ynstelling fan de minsken, sawol amtlik as bestjoerlik, ha ik al dy jierren mei in soad nocht foarsitter fan de Miljeuadvystsjinst west. Dêr’t ik altyd wol argewaasje fan hân ha, is it feit dat de regiogemeenten de Miljeuadvystsjinst net automatysk beskôgen as ‘ús’ tsjinst, mar as sljochtwei-hinne in organisaasje. Mar de lêste jierren koe ik fernimme dat de hâlding by de gemeenten foar de Miljeuadvystsjinst oer hieltiten positiver waard.”

Hoe sjogge jo de takomst fan de Miljeuadvystsjinst mei it each op de komst fan regionale útfierings-tsjinsten?

“Wat de takomst oanbelanget tink ik dat, as wy echt in slach meitsje wolle, der ien Regionale Utfierings-tsjinst (RUD) yn Fryslân komme moat. Yn dy RUD moatte de Miljeuadvystsjinst en oare regionale (hanthavenings) buro's opgean. Wy moatte der dan al om tinke dat de organisaasje net hieltiten mear útdijt.”

De klanten


Foar it grutste part fierde de Miljeuadvystsjinst yn 2010 opdrachten út foar de fyftjin regiogemeenten. It oanpart wurksumheden dat wy foar gemeenten en oare oerheden bûten de regio útfiere, is de ôfrûne jierren fiks groeid. Wie dat oanpart fiif jier lyn noch 6%, yn 2010 wie it tal oeren dat foar net-regioklanten útfierd is 17,5% fan it totaal tal útfierde deklarabele oeren. Sa fierden wy it ôfrûne jier ûnder oaren wurksumheden út foar de Provinsje Fryslân, it Wetterskip Fryslân, Agentschap NL, de gemeente Hearrenfean en de gemeente Wymbritseradiel.

It persoaniel

Nei de wikselings yn en de útwreiding fan it managementteam (MT) yn 2009 is de situaasje by de Miljeuadvystsjinst yn 2010 rêstiger wurden. Yn it MT sieten yn 2010, njonken direkteur Jornt Ozenga, de twa teamlieders Riet du Pré en Freek Buijtelaar. Fierder feroare der ek net in soad yn it personielsbestân: ien meiwurker gie fuort, en yn syn plak waard in oare meiwurker oanlutsen.

De formaasje foar 2010 bestie út 36,3 fte's. Op 31 desimber 2010 wiene dêr 32,1 fan ynfolle, troch 37 meiwurkers. De fakatuereromte op 31 desimber 2010 wie 4,2 fte. It meisizzenskip binnen de tsjinst is regele fia in ûndernimmingsried. Dy komt sa'n fjirtjin kear yn 't jier gear, dêrfan fjouwer kear mei de direkteur. Njonken de wenstige saken lykas jierrekken,

Organisaasjeskema Miljeuadvystsjinst



begrutting en opliedingsplan stiene yn 2010 û.o. de húsregels dy't op 'e nij besjoen wiene, it bedriuwspan en de ferfolchmjitting wurkstress op de aginda. It syktefersompersintaazje wie yn 2010 6,4%. Dat is heger as de 5,5% dêr't yn de begrutting rekken mei holden wie. Wannear't meiwurkers dy't langer as in jier siik west ha bûten beskôging bliuwe, bedraacht it fersom lykwols 3,9%.

De CO₂-footprint fan de Miljeuadvystsjinst

De Miljeuadvystsjinst hat mei de Miljeubarometer berekkene dat der de meiwurker yn 2010 3,6 ton fan it broeikasgas CO₂ útstaat is. Ut in ferliking mei 43 oare oerheidskantoaren docht bliken dat dy skoare leger is as trochsneed (4,0). De Miljeubarometer is in praktysk registraasjeprogramma dat gegevens oer it gebrûk fan kantoarpapier, enerzjy, wetter, ôffalkonteners en ferfiermiddels fertaalt nei de miljeuskoare en de byhearrende miljeukosten. Ut de Miljeubarometer fan de Miljeuadvystsjinst blykt dat, njonken it enerzjyferbrûk foar húsfersting, ferfier in grut oanpart hat yn de miljeubelêsting fan de organisaasje. Yn 2010 blykt it brânstof-/gasferbrûk folle heger west te hawwen. Foar in part is dat te ferklearjen om't de winter kâlder as gemiddeld wie. It wen-wurkferkear hat mear belêsting op it miljeu lein troch langere reisôfstannen fan wurknimmers.

Om't it tige dreech is om it enerzjyferbrûk te beynfloedzjen yn in gebou dat meardere hierders hat, kin de measte miljeuwinst foar de tsjinst behelle wurde op it stik fan ferfier. Mooglikheden dêrfoar binne om noch mear gebrûk te meitsjen fan iepenbier ferfier en telewurkjen. Ek kin der tocht wurde oan CO₂-kompensaasje. Yn 2010 bedroegen de miljeukosten hast € 40.000,-. Dat is 1,3% fan de jieromset by de Miljeuadvystsjinst. Saaklik ferkear makke 62% fan de totale miljeukosten út.

Utfierde wurksumheden yn 2010

Oan it ûndersteande oersjoch kinne jo ôflêze hokfoar wurksumheden oft yn 2010 troch de Miljeuadvystsjinst útfierd waarden foar de ferskate regiogemeenten.

	Basistaken (hanthavenjen en fergunningjaan kategory 4)	Hanthavenjen kategory 1-3	Fergunningjaan kategory 1-3	Kategory 1-3 advizen	Lûd	Oare miljeutaken
It Amelân						
It Bilt						
Boarnsterhim						
Dantumadiel						
Dongeradiel						
Ferwerderadiel						
Frijentsjerteradiel						
Harns						
Kollumerlân						
Ljouwert ¹						
Ljouwerteradiel						
Menameradiel						
Skiermûntseach						
Skylge						
Flylân						

It jaan fan fergunnings

Yn 2010 fersoarge de Miljeuadvystsjinst net allinne it jaan fan fergunnings foar de swierste kategory bedriuwen (kategory 4), mar foar meardere gemeenten ek it jaan fan fergunnings foar de lichtere kategory bedriuwen (kategory 1, 2 en 3).

It team fergunningjaan fersoarge ek yn 2010 de beoardieling fan de meldings op grûn fan it Beslút algemiene regels foar ynrjochtings miljeubehear (it Aktiviteitebeslút) en it Beslút lânbou miljeubehear (en oare agraryske AMfB's).

Micha Wijngaard (Miljeufergunningjouwer)

“Doe’t ik ein 2007 by de Miljeuadvystsjinst oan ’e slach gie, foel ik mei it gat yn ’e bûter. It Aktiviteitebeslút wie krekt ynferd mei as doel om de administrative lêsten foar bedriuwen en oerheden te ferleegjen. Dêrtroch waard it wurk fan in fergunningjouwer yn de measte gefallen ienfâldiger. It efterlizzende idee fan it Aktiviteitebeslút is dat bedriuwen lykas in kroech of supermerk dy’t oan de foarskriften foldogge, gjin miljeufergunning mear oan hoege te freegjen. Foar in bûtensteander liket it jaan fan fergunnings en it ôfhanneljen fan meldings miskien saai wurk. Mar ik bin echt it type sneuper dat



¹ giet om in part fan Ljouwert

Yn 'e rin fan it ôfrûne jier is de Wabo fan krêft wurden. De Miljeuadvydstjinst is fan syn miljeu-eilân ôfkaam en fiert de wurksumheden no út mei de ûnderskate gemeentlike Wabo-koördinatoaren. Nei goedkar troch de Amtlike Wurkgroep Miljeuoangelegenheden hat de tsjinst in Wabo-wurkboek makke dêr't wurkôfspraken foar it jaan fan fergunnings yn fêstlein binne. Dêrtroch is foar elkenien op it Wabo-mêd dúdlik wa't wat docht en wannear.

graach yn dossiers dûkt dy't dreech lykje, om de situaasje fan in bedriuw dêrnei hielendal helder te krijen. Elke melding is boppedat wer oars. De diskusje dy't by in melding spylje kin, kin bygelyks gear oer lûdsoerlêst by in kroech of de boaiemkwaliteit by de opslach fan diseloalje oant de ferwurking fan ôffalstoffen ta. Wol fyn ik it bytiden dreech om gegevens oan in bedriuw te freegjen dêr'tst fan witst dat se it troch de resesje net maklik opbringe kinne. It útfieren fan in akoestysk ûndersyk is foar in bedriuw bygelyks frij kostber. Dochs kin it útfiere litten fan soksoartich ûndersyk in bedriuw letter in soad problemen besparje. It is dêrom wichtich om konsekwint te wêzen en út te lizzen wêrom't beskate maatregels needsaaklik binne."

Tafersjoch en hanthavenjen

De Miljeuadvydstjinst fierde yn 2010 foar alle fyftjin regiogemeenten alhiel of foar in part it tafersjoch út op it neilibjen fan de Wet milieubeheer (Wm). Om it miljeu te beskermjen en oerlêst foar te kommen, moatte bedriuwen harsels hâlde oan ûnder oaren de Wet milieubeheer-fergunningen (sûnt oktober: omjouwingsfergunning) en/of de Algemene Maatregelen van Bestuur (AMvB's) op grûn fan de Wet milieubeheer. Gemeenten binne ferplichte om tafersjoch te hâlden op it neilibjen fan dy regels.

Yn 2010 is de Miljeuadvydstjinst begûn mei it provinsjebreed fasilitearjen fan de berik- en beskikberens bûten kantoartiden foar miljeuklachten en by asbestbrannen. Yn 2009 hiene guon gemeenten yn Fryslân al oanjûn en besletten om dat mei-inoar stal te jaan. Yntusken fasilitearje wy dat foar tolve Fryske gemeenten.

De Miljeuadvydstjinst hat yn opdracht fan it Programmaburo Eksterne Feiligens in projekt útfierd op it mêd fan ammoniakkoelystallaasjes. Dat projekt is yn 'e mande mei de Provinsje Fryslân en de Regionale brânwacht útfierd.



Lûd

Ek yn 2010 waarden ferskate lûdsmjittings, sônetoetsen en bou-akoestykmjittings ferrjochte. Lykas yn de foargeande jierren barde dat foar alle fyftjin regiogemeenten. Sa hat de tsjinst yn 2010 ûnder mear de gemeenten Ljouwerteradiel en Menameradiel holpen mei advys oangeande mooglike lûdsbelêsting nei de komst fan ferfangende gefjochtsfleantugen op de fleanbasis Ljouwert. It Ministearje fan Definsje wol de F16 ferfange troch de Joint Strike Fighter (JSF) út de Feriene Steaten, dy't noch ûntwikkele wurde



moat. Ferskate rapporten dêroer binne it ôfrûne jier ûnder oaren yn de Kommisje Oerlis en Foarljochting Miljeuhygiêne Fleanbasis Ljouwert (COVM) besprutsen. Yn dy COVM ha njonken de provinsje, definsje en buertbewenners ek de gemeenten Tytsjerksteradiel, Menameradiel, Ljouwerteradiel en Ljouwert in sit. Dêrby waarden Menameradiel en Ljouwerteradiel troch de tsjinst mei spesjalistysk advys skewield.

Fierder hat de Miljeuadvystsjinst foar de gemeenten Frjentsjerteradiel en Boarnsterhim yn 2010 opdracht krigen om in sônebehearskplan op te stellen. Yn de regio binne sân gemeenten dy't sônearre yndustryterreinen ha. Twa gemeenten ûndersykje noch de needsaak fan in sônebehearskplan. Net allinne de oerheid en de omwenners, mar ek it bedriuwslibben hat belang by in goed en soarchfâldich behear fan de lûdssône troch in sônebehearskplan.

Ljocht

Op it mêd fan ljocht hat de Miljeuadvystsjinst, njonken de útfiering fan reguliere wurksumheden, ûnder oaren in kursus fasilitearre. By dy kursus, dy't yn oparbeidzjen mei Agenschap NL organisearre is foar hanthaveners út de hiele provinsje, waard yngien op de fraach hoe't by kontrôles konvinsjonele ferljochting te werkennen is. Sa kinne hanthaveners ûndernimmers advisearje oer it foardiel fan it oergean op enerzjysunige foarmen fan ferljochting.

Eksterne feiligens

Yn 2010 draaide it Buro Eksterne Feiligens Fryslân (BEVF) it earste folsleine jier. It BEVF is opset om in struktureel karakter te jaan oan it Frysk Utfieringsprogramma Eksterne Feiligens. Alle jierren stelt it Ministearje fan VROM € 667.000,- foar de Fryske provinsje en har gemeenten beskikber foar dat útfieringsprogramma.

Fan de 31 Fryske gemeenten ha 21 gemeenten gebrûk makke fan stipe. Sa binne ferskate gemeenten troch meiwurkers fan de tsjinst fertsjintwurdige by de Ofdieling Bestjoersrjochtspraak fan de Ried fan Steat. Sûnt mids 2010 fiert it BEVF de berekkenings fan de risiko's op it stik fan eksterne feiligens fan ûndergrûnske hegedrukierd-gastransportliedings út.



Fierder hat it BEVF it ôfrûne jier belutsen west by ferskate projektgroepen, ûnder oaren by it ta stân kommen fan de Digitale feiligens-toets (www.veiligheidstoets.nl), de rapportaazje 'Fierfier fan gefaarlike stoffen troch Fryslân' en it projekt 'Tafersjoch op ammoniakkoelystallaasjes'.

Yn 2010 is it BEVF yn opdracht fan de provinsje troch DHV evaluearre. Hoewol't it buro noch mar in jier bestie, wiene de gemeenten posityf oer it buro. Op 't heden wurdt besjoen hoe't dy suksesfolle gearwurkingsoerienkomst yn 2011 it bêste in ferfolch krije kin. Fierder hie de Miljeuadvystsjinst yn 2010 trije sertifisearre BRZO-ynspekteurs ta har foldwaan, dy't yn it ramt fan eksterne feiligens dielnimme oan it

Noard-lik Gearwurkingsferbân Besluit Risico's Zware Ongevallen (BRZO). Yn it ôfrûne jier waarden troch dy BRZO-ynspekteurs ferskate ynspeksjes útfierd yn gearwurking mei de Arbeidsynspeksje, de regionale brânwacht en bewâld mei Wm-foech.

Duorsumens

Op it mêd fan duorsumens hat de Miljeuadvystsjinst gemeenten yn 2010 ûnder mear advisearre oer enerzjybesparjende techniken, subsydzjes, fergrunnings en prosedueres. Dêrby kin bygelyks tocht wurde oan:

- Utfieren fan saneamde Nulsituaasje en Potinsjeel-scan Duorsume enerzjy
- Underhanneljen mei Nuon oer enerzjykontrakten út namme fan tsien gemeenten yn Fryslân. Yn 2010 hat dat ûnder bestjoerlike druk resultearre yn in skikking fan de kant fan Nuon fan yn totaal € 370.000,-
- Utfieren fan it projekt enerzjybesparjen by supermerken. Supermerken wurde oanfitere om maatregels te nimmen om it enerzjyferbrûk werom te bringen

Fan 2008 ôf hat it bestjoer fan de Miljeuadvystsjinst in 'Fûns Klimaat en Enerzjy' beskikber steld foar it finansierjen fan regiogemeentlike enerzjyprojekten. Dat fûns is yn 2007 mei € 600.000,- folle út de risikoreserve fan it Besluit Woninggebonden Subsidies (BWS).

Under oaren de ûndersteande gemeenten ûntfongen yn 2010 jild út it Fûns Klimaat en Enerzjy:

- De gemeente Dongeradiel liet in ûndersyk útfiere nei gearwurking fan it Natuermuseum en it NME-sintrum 'De Klyster'.
- De gemeente Ljouwerteradiel hat jild út it fûns brûkt foar it finansierjen fan helberensûndersiken nei it benutten fan biogas út dongfergêstingsynstallaasjes en foar it meifinansierjen fan klimaatfoarsjennings by skoallen (projekt 'frisse skoallen').
- De gemeente Flylân hat mei jild út it fûns de kosten foar enerzjymonitoring fan ferskate enerzjybesparingsprojekten betelle.

Ek de gemeente Boarnsterhim hat middels út it Fûns Klimaat en Enerzjy ûntfongen.

Fan links nei rjochts wethâlder Marian Jager-Wöltgens, projektlieder Jildau Wiersma en Freek Wijma, lûker fan de wetterstruktuerfisy.



Wethâlder M.A.J. Jager-Wöltgens:

“De gemeente Boarnsterhim sil de bydrage út it Fûns Klimaat en Enerzjy besteege oan it útfieren fan de ‘wetterstruktuerfisy Grou’. It Nijdjip yn Grou is it blauwe lint; de spil fan de wetterstruktuerfisy. It realisearjen fan dat projekt mei alle dielprojekten is fan grut belang foar de algemiene wetterkwaliteit en ek foar de behearsking fan it wetterpeil. It is net samar in riolearringsprojekt. Troch ûnder oaren it útfieren fan baggerwurk en it oanlizzen en fergrutsjen fan buizen (dûkers) dy’t wetterpartijen mei-oar ferbine, en it realisearjen fan twa nije wetteryntlitpunten, streamt der foldwaande farsk wetter troch it blauwe lint fan Grou. Lykas elk wit, sit de gemeente Boarnsterhim op it stuit finansjeel yn swier waar. In oanfolling út it Fûns Klimaat en Enerzjy, yn kombinaasje mei middels fan ûnder oaren it Wetterskip Fryslân en de ynvestearring troch de gemeente sels om dat duorsume projekt realisearje te kinnen, wie dan ek tige wolkom. Op dy wize kinne wy net-sjinsteande de finansjele beslommerings in part fan ús gemeente dochs skjinner en moaier meitsje.”

Boaiem

Lykas yn foargeande jierren fertsjintwurdige de Miljeuadvystsjinst dit jier in seistal regiogemeenten by it Boaiem Platfoarm Fryslân. Yn 2010 is de Miljeuadvystsjinst yn gearwurking mei de provinsje Fryslân fierder gien mei it yn it omtinken jaan fan de brede boaiemtema's by de minsken fan romtlike oardering. De brede boaiemtema's lizze meastentiden de link

tusken miljeu en romtlike oardering. Dy tema's geane oer it sâlt of soer wurden of it sakjen fan 'e boaiem, kjelt- en waarmte-opslach ensafuorthinne. In soad fan dy tema's binne net streekrocht foar elke gemeente fan belang, sadat foar elke groep fan gemeenten besjoen wurdt hokfoar ûnderdiel oft yn gearwurking oppakt wurde kin.

Peter Esselaar:

“It begryp boaiem is in breed begryp, en troch alderhanne besluten wurdt it breder en breder en dêrmei nijsgjirriger. Fan oarsprong hâldt boaiem foar oerheden yn it beoardieljen fan boaiemûndersiken nei oanlieding fan ûntjouwings lykas it bouwen fan wenten of oare gebouwen. It begryp wie benammen stuoelke op it beoardieljen en oprêden fan fersmoarging dy't yn it resinte ferline ûntstien wie. Dat wie ek logysk, mei it each op de fraachstikken dy't op de oerheid ôfkaam binne nei de boaiemfersmoarging fan Lekkerkerk en oare plakken.

De lêste jierren sjocht men folle mear in ûntjouwing fan 'hoe foarkomt men sokke problemen yn 'e takomst?', 'hoe wurde saken opret tsjin akseptabele kosten?' en 'der bart safolle mear yn de boaiem as allinne de fersprieding fan stofkes, dus hoe geane wy dêrmei om?'. Benammen dat lêste makket boaiem in moai beliedsfjild, want it wurdt in ûnderdiel fan de romtlike oardering. Romtlike oardering giet dus net allinne mear om wat der boppe de grûn plakfynt, mar ek om wat der yn de boaiem bart.

En dêr sjochst yn ús organisaasje de skieding fan it wurk.

Myn kollega Ruzhdi Berisha beweecht him benammen op it mêd fan it beoardieljen fan ûndersiken en it foarkommen fan fersmoarging. Sels sykje ik nei mooglikheden om in soad nije beliedssaken yn gearwurking te dwaan. Soks om't de problemen harren net beheine ta de gemeentegrinzen, mar breder lizze. In projekt dêr't de Miljeuadvystsjinst op dy wize de stjoerende faktor yn is, is 'Ymplementaasje Beslút boaiemkwaliteit', in projekt dat begûn is mei it sykjen nei draachflak, en dat der al ta laat hat dat 18 gemeenten mei-inoar guon produkten, lykas in boaiemfunksjekaart, in boaiemkwaliteitskaart en belied meitsje. Dêrby wurde hja stipe troch ferskate adviseurs dy't beskikber steld binne troch Agentschap NL, in yn-hierd advysburo, de Provinsje Fryslân en it Wetterskip Fryslân. De Miljeuadvystsjinst is yn dat proses de stjoerende likegoed as de fasilitearjende partij. It is dúdlik dat troch dy gearwurking it projekt miskien langer duorret as foarsjoen is, mar it smyt de gemeenten gâns finansjele foardielen en in better produkt op.”



Besluit Woninggebonden Subsidies

Ek yn 2010 hat de Miljeuadvystsjinst it útbeteljen fan it Besluit Woninggebonden Subsidies (BWS) foar fjirtjin fan de fyftjin regiogemeenten útfierd. Yn 2017 sille de lêste útbetellings dien wurde.

Juridyske stipe

Ek foar de beide juristen fan de Miljeuadvystsjinst, Laura Leyten en Juliette Ponsen, wie 2010 in drok jier. In grut part fan de wurksumheden fan de juristen stie yn tsjinst fan de tarissings op it yngean fan de Wet algemene bepalingen milieubeheer (Wabo). Dy wet yntegrearret alderhanne fergunnings dy't earder ôfsûnderlik oanfrege wurde moasten (lykas in bou-, sloop- of miljeufergunning) ta ien fergunning. Der is nochal wat feroare mei it yngean fan dy wet op 1 oktober 2010. As tarieding dêrop moasten ûnder oaren ynterne prosedueres en standertbrieven oanpast wurde en ôfspraken makke wurde mei de regiogemeenten. Boppedat smieten de (algemiene) tsjinstferlieningsoerienkomsten foar de regiogemeenten en de tsjinstferlieningsoerienkomsten yn it ramt fan de piketregeling ekstra wurk op.

Dêrnjonken rûn it 'gewoane' wurk troch: juridyske kontrôle fan de produkten fan de Miljeuadvystsjinst, juridyske stipe fan de organisaasje, advisearjen fan gemeenten en fertsjintwurdigjen yn rjochtlike prosedueres en beswierprosedueres. Yn dy prosedueres stiene ferskate soarten besluten sintraal, bygelyks miljeufergunnings, boufergunnings, it fêststellen fan

maatwurkfoarskriften of hanthaveningsbesluten.

Laura Leyten hat yn 2010 de Grotius Spesjaliste-oplieding romtlike oarderings- en miljeurjocht folge en mei sukses ôfrûne.

Kursussen

Yn it ferslachjier hat de Miljeuadvystsjinst ûnder mear kursussen organisearre oer de Wabo en oer konstruksjes yn de bou. Ek waard der op Hogeschool Van Hall Larenstein in kursus fersoarge oer it jaan fan fergunnings en it hâlden fan tafersjoch. Fierder organisearre de tsjinst in jurisprudinsjedei en yn gearwurking mei Agentschap NL de by it ûnderdiel 'ljocht' neamde kursus foar hanthaveners.

Detasjearring

Lykas yn foargeande jierren makken ferskate gemeenten gebrûk fan de mooglikheid om in meiwurker fan de Miljeuadvystsjinst te detasjearjen. Sa makken ûnder mear de gemeenten Kollumerlân c.a. en Ljouwerteradiel gebrûk fan de tsjinsten fan ús organisaasje om in fakatuere fuortdaalk op te foljen.

Yn petear mei in bestjoerslid fan de Miljeuadvystsjinst, wethâlder Louis Wiersema (gemeente Skiermûntseach)

Louis Wiersema is sûnt 2002 lid fan it Algemien Bestjoer en sûnt 2007 fan it Deistich Bestjoer. Dêrnjonken is er sûnt de twadde helte fan 2010 ek de ferantwurdlike persoan foar finânsjes.

Ut de sifers dy't hjirnei presintearre wurde, docht bliken dat de Miljeuadvystsjinst it ôfrûne jier in posityf resultaat hân hat. Yn 2009 wie it resultaat noch negatyf, wat is de oarsaak fan dit positive resultaat foar 2010?

“Wy ha yn 2010 mear deklarabele oeren de meiwurker realisearre as yn 2009. Ek binne der mear oeren tsjin it hege taryf makke as yn 2009 en mear as dêr't rekken mei holden wie yn 'e begrutting 2010. Fierder wiene de lêsten yn 2010 leger as rûsd. Al mei al in kwestje fan suksesfolle ferbetteringslaggen yn de organisaasje, sa't dy ek útsteld wiene yn it bedriuwplan.”

Hie it resultaat noch positiver kinnen?

“Ja, feitlik is it resultaat goed € 117.000,- heger. De Miljeuadvystsjinst hat foar Eksterne Feiligens ekstra wurksumheden ferrjochte, mar trochdat der ûnwissens is oft de provinsje al dy wurksumheden ek werklik subsidiearret, is foar de wissichheid in foarsjenning foar dat bedrach troffen en dêrmei is it resultaat fan 2010 nei ûnderen bysteld.

Ien fan de wichtichste doelen yn it nije bedriuwplan is it beheljen fan positive finansjele resultaten; wat hat de direkteur datoangeande yn 2010 alfêst ûndernaam?

“It managementteam hat ûnder lieding fan de direkteur ûnder oaren adekwaat stjoerd op de kosten en de deklarabele oeren. Alle wiken wurdt de stân fan saken besprutsen yn it

MT-oerlis; sadwaande kin der noch adekwatere ynspile wurde op de ûntjouwings.”

Is de Miljeuadvystsjinst op it stuit in sûne oerheidsorganisaasje?

“Ja, men kin stelle dat de Miljeuadvystsjinst in sûne organisaasje is, al is de algemiene reserve oan de lege kant. De ôfrûne jierren is dat as gefolch fan sykte dúdlik nei foarren kommen. Dêr moat it bestjoer de kommende tiid oer gear. Ek is it ferstannich om op it stik fan wjerstânsfermogen de finger goed oan 'e pols te hâlden.

Ferwachtsje jo dat de Miljeuadvystsjinst ek de kommende jierren wer positive resultaten behelje kin?

“Dat is wiswier mooglik, wannear't de gemeenten op syn minst trochgean mei it dellizzen fan harren útfieringstaken op it mêd fan miljeu en bouwen by de Miljeuadvystsjinst, sa't se dat ek yn 2010 dien ha. Der is noch mear mooglik as de dielnimmende gemeenten foar it begjin fan elk jier in konkreet en folslein jierpakket by de tsjinst dellizze. Dat befoarderet de effisjinsje.”



Finansjeel resultaat

Lêsten

Omskriuwing	Begutting 2010 x € 1.000,-	Rekken 2010 x € 1.000,-	Rekken 2009 x € 1.000,-
Salarissen en sosjale lêsten	2396	2410	2247
Rinte en ôfskriuwing	149	103	87
Enerzjy	15	12	14
Húsfestingskosten	134	92	88
Burokosten	111	65	65
Administraasjekosten	38	29	27
Underhâldskosten	42	31	21
Oare kosten	45	39	61
Ynsidintele lêsten	15	2	52
Finansjele lêsten	23	10	21
Bûtengewoane lêsten		187	228
Fermogensmutaasjes	52	79	103
Resultaat	5	49	-122
	3024	3107	2892

Baten

Omskriuwing	Begutting 2010 x € 1.000,-	Rekken 2010 x € 1.000,-	Rekken 2009 x € 1.000,-
Fergoedings	2839	2777	2435
Subsydzjes	32		
Oare baten	10	87	97
Finansjele baten	128	54	81
Fermogensmutaasjes	15	189	280
	3024	3107	2892

Ta einbeslút, in petear mei Jornt Ozenga, de direkteur fan de Miljeuadvystsjinst

2010 wie it earste folsleine jier dat jo direkteur wiene by de Miljeuadvystsjinst, wat ha jo yn dat jier oanpakt?

“It ôfrûne jier ha wy ûnder oaren in bedriuwspan en in ymplemintaasjeplan opsteld. De earste aksjes fan it bedriuwspan binne dit jier al oppakt. Ek binne de taken en wurksumheden oangeande Eksterne Feiligens en Bou- en Wentetafersjoch fierder útwreide. Dêrnjonken ha wy ús Workflowmanagementsysteem fierder optimalisearre. Wy ha ús prosessen, protokollen en wurkwizen oanpast oan de Wabo, dy't op 1 oktober 2010 ynfierd is. Boppedat ha wy mei ús bestjoerders in soad yn petear west oer de foarming fan in regionale útfieringstsjinst en de posysje fan de Miljeuadvystsjinst dêryn. Yn 2010 ha wy mei ús allen hurd wurke om in posityf resultaat te heljen.”

Yn 2010 hie de Miljeuadvystsjinst, nei twa jier yn 'e reade sifers draaid te hawwen, wer positive resultaten; wat ha jo dêrfoar dien en wat sille jo dwaan om dat sa te hâlden?

“Dêr binne ferskate stappen foar ûndernaam. Under oaren is de ynformaasjeoarsjenning nei it managementteam ta fersobere. Allinne de stjoerynformaasje dy't wier nedich is, wurdt noch besprutsen. Fierder ha wy dêr doe ek hiel strak op stjoerd. Ek ha wy de

kontakten mei de gemeenten noch mear oanhelle en gâns oerlis hân oer de fuortgong. Undertusken ha wy ús yntern yngeand beret op wat der better kinne soe. Dat is fêstlein yn it nije bedriuwspan en dêrmei binne wy mei faasje oan it wurk gien. Ek ha wy tige goed om de kosten tocht en gjin ûnnedige útjeften dien. Sa is der úteinlik foar keazen om net te ferhúzjen, mar, mei it each op 'e kosten, it hjoeddeiske pân oan de Snitsertrekwei op te knappen.”

Wat ha jimme ûndernaam om op de ûntjouwings oangeande de ymplemintaasje fan de Wabo yn te spyljen?

“Wy ha yn 'e mande mei de regiogemeenten heldere ôfspraken makke oer de nije wurkwize en rolferdieling en dat bestjoerlik fêststelle litten. Yntern ha wy de prosessen, protokollen en wurkwizen ek oanpast oan de nije wetjouwning. Dat wie in hiel karwei. Wy ha foar dy ûntjouwning in Wabo-wurkgroep yn it libben roppen dy't alle fasetten oangeande de ynfiering fan de Wabo by de Miljeuadvystsjinst op in treflike wize yn goede banen laat hat.”

Wat hat der it ôfrûne jier spile om de foarming fan de regionale útfieringstsjinsten hinne? Wat is it plak fan de Miljeuadvystsjinst dêrby en hoe riede jim jimsels dêrop ta?

“De ûntjouwings datoangeande folgje inoar lanlik yn heech tempo op. Wy ha besocht om ús bestjoerders, mar ek de meiwurkers, safolle mooglik op 'e tiid fan de krekte ynformaasje te foarsjen. Fierder ha wy in yntern stânpunt ynnaam, nammentlik dat wy fine dat de Miljeuadvystsjinst yn syn hiele hear en fear opgean moat yn de nije regionale útfieringstsjinst. Wat úteinlik de posysje fan de Miljeuadvystsjinst wurdt, is fansels oan ús bestjoerders.”

It bestjoer is liedend, mar hoe sjogge jo no persoanlik, ideaal sjoen, it takomstige plak fan de Miljeuadvystsjinst?

“My tinkt dat der, om de kwaliteit fan it jaan fan

fergunnings, it hâlden fan tafersjoch en it hanthavenjen binnen de leefomjouwing te ferbetterjen, in opskaling plakfine moatte soe. Soks betsjut dat de Miljeuadvystsjinst opgean moat yn in nije regionale útfieringstsjinst dêr't safolle mooglik útfierende en spesjalistyske taken binnen it Wabo-wurkfjild lein wurde. De gemeenten binne dan it earste oansprekpunt foar bedriuwen en boargers, de frontoffice, en de nije útfieringstsjinst fungearret dêrby as backoffice.”

Hoe sjogge jo alles byinoar werom op it jier 2010?

“2010 wie in enervearjend jier dêr't wy as Miljeuadvystsjinst yn sjen litten ha dat wy profesjoneel en saaklik wurkje kinne. Wy ha ús ferbetterpunten dúdlik beneamd en plannen makke om dy de kommende jierren mei faasje op te pakken.”

